Skriftlike fragen

Skriftlike fragen konfoarm artikel 33 fan it Reglemint fan oarder foar gearkomsten en oare wurksumheden fan de ried fan de gemeente Waadhoeke 2023.

Underwerp: Foarnommen pleatsing fan in stjoermêst by Sportferiening Deinum

---

De fraksje fan FNP Waadhoeke hat de folgjende fragen oan it kolleezje:

1. Lokaasjekar en alternativen

Kin it kolleezje taljochtsje wêrom't de lokaasje by Sportferiening Deinum as de meast geskikte lokaasje nei foaren komt en of it kolleezje ree is om, mei it each op de beswieren út it doarp, op 'e nij nei alternative lokaasjes te sjen, wêrûnder de lokaasje by de rotonde súdlik fan Deinum?

2. Takomstige wenningbou

Op hokker wize hat it kolleezje by de beoardieling fan de beëage lokaasje rekken hâlden mei de plande wenningbou en mooglike takomstige útwreidingen fan Deinum? Kin it kolleezje dêrby oanjaan of de pleatsing fan de stjoermêst gefolgen hawwe kin foar dizze ûntwikkelingen?

3. Partisipaasje en draachflak

Hoe sil it kolleezje derfoar soargje dat Sportferiening Deinum, Stichting Sportaccommodatie Deinum, Doarpsbelang Deinum en omwenners ek echt ynfloed útoefenje kinne op de definitive lokaasjekar, foardat dêr definitive besluten oer nommen wurde?

4. Gefolgen foar it sportpark

Hoe beoardielet it kolleezje de romtlike en maatskiplike gefolgen fan in stjoermêst fan likernôch 40 meter heech foar it sportpark, wêrûnder de fisuele ynfloed, it gebrûk fan it terrein en de besteande parkearproblematyk? En hoe wurde dizze belangen meiwoegen by de definitive beslútfoarming?

Taljochting:
Ut korrespondinsje tusken de gemeente Waadhoeke en Doarpsbelang Deinum docht bliken dat der ûndersyk dien wurdt nei de pleatsing fan in stjoermêst fan likernôch 40 meter heech op of by it terrein fan Sportferiening Deinum oan It Holt.

Sportferiening Deinum, Stichting Sportaccommodatie Deinum en Doarpsbelang Deinum hawwe mienskiplik harren betinkingen utere oer dizze lokaasje. Yn de reaksje fan de gemeente fan 1 oktober 2026 wurdt oanjûn dat ferskate lokaasjes ûndersocht binne en dat de lokaasje by it sportpark technysk geskikt achte wurdt.

Nei oanlieding hjirfan stelle wy it kolleezje de boppesteande skriftlike fragen.

Datum: 16 novimber 2026

Jetske Tolsma

Ut namme fan de fraksje fan: FNP Waadhoeke